

LYTSE IMPERIALISTEN

FEN

Ds. S. HUISMANS

UTJOWER A. J. OSINGA
SNITS 1918.

Lytse Imperialisten.

Net jimmer giet it ús Fryske stribjen foar de wyn, en net altyd fynt it syn paed sljucht en rjucht.

Ta de minsken, dy't it Frysk wolris hwat yn 'e wei lizze, biheart ek in soarte feñ ljue, dyt ik neame scil : *lytse Imperialisten*.

Dat binne de ljue, dy foartdalik yn 'e hadden klapten, do't ús keninklike kommissaris wegere in lid fen 'e Fryske Steaten *) it wird fier te litten yn 'e Fryske tael.

„In Nederland Nederlandsch” wier do de striidrop, dy't fen „De Standaard” ús antirev. deibléd útgyng, in striidrop koart en krêftich, howol net klear en suver, hwent it hie wêze moatten : „In Nederland Hollandsch.” Of is it Frysk gjin Nederlânsk mear ? En rekkent de wittenskip fen 'e Nederlânske tael ek it Frysk net ta it Nederlânske taelgebiet ?

Hjirfor blyn to wêzen of yen blyn to hâlden is gjin eigenskip fen Hollânners allinne. By de rûs Friezen spylje yn dit stik fen saken blineman. En derûnder Friezen, dyt oars, sa't se sizze, in bulte mei hjar memmetael ophawwe. Tige mâl binne se mei it Frysk. O, siker, ús Fryske tael is moai. Graech meije se Frysk prate en praten hearre, wis !

Mar dan *net op offisieel gebiet*. „Hwent, ”sizze se, „dêr jildt de wet : „Yn Nederlân Nederlânsk.” Lit it Frysk sa libben en sa moai wêze as it wol, mar fen it offisieel gebiet moat it weibliuwe. „Net-offisieel” ! net-offisieel !” dat is it wachtwird, dat tsjin it Frysk brûkt wirdt, sadré it hwet mear wêze wol as boeretael.

Alles hwat offisieel is yn Nederlân, moat yn 'e Nederlânske — bidoeld is dan de Hollânske — taelbihânlje wirde, sa seit men.

Lit ús dizze wet ris ûnder 'e eagen sjen. —

„Offisieel.” Hwat is offisieel ?

Komt min bygelyks as lid fen 'e Fryske Steaten yn e Steateseale fen it Provinsjehûs to Ljouwert op offisieel gebiet ?

Is it Steate-lidmaetskip in „officium” in oerheidsamt, in bistjûrsfunksje ? Dat is hjir de frage.

*) Sjouke de Zee.

Hwent dat is de bitsjutting fen „offisieel.” „Offisieel” is alles hwet mei it „officium”, dat is: mei it *amt fen 'e oerheid*, mei it wirk fen it *lânsbistjûr* gearhinget, en hwet fen 'e *lânsbistjûrders* biriedslagge, bisletten, bikend makke en útfierd wirdt.

Is in lid fen 'e Steaten sa'n offisieel man? Sa'n amptelik persoan? Rêst op syn skouders in diel fen it lânsbistjûr? Op dizze frage kin net sùnder mear it jawird jown wirde. It is wier, de Proviniale Steaten binne bilêstge mei it *provinsiael biwâld*. Hja steane for sa fier yn in oare posysje as de Steaten-Generael, dy't *gjin* dragers fen 't ryksbiwâld binne, mar allinne fortsjinwirdigers fen it folk *by* it ryksbiwâld.

Mar howol der ûnderskie is, bistiet der twisken provinsiale en Generale steaten ek oerienkomst: *beide* *wirde keazen fen it folk*. In steateliid is provinsjebistjûrder, mar tagelyk ek fortsjinwirdiger fen it folk, dat bistjûrd wird. Hy is *bistjûrsman*, mar ek *folksman*. Dêrom moat er him yn syn bistjûrswirksumheit frij-út for it folk hearre litte kinne. Dat is syn plicht en ek syn *rjucht*. En dy't derstejin yngiet, docht to koart net allinne oan it *rjucht* fen it steateleden, mar ek oan it *rjucht* fen it folk sels.

Dat folks-*rjucht* bistiet yn 'e frije oanwizing fen sokke mannen, dy't it folk as *syn* mannen goed achtet, en dat *rjucht* hat gjin oare grinzen, as hwet de wet seit fen de *ûnbineamberens* yn ûnderskate gefallen.

Biheart ta de gefallen fen *ûnbineamberheid* ek it gefal fen ien, dy't gjin wyt befke en gjin hege hoed drage wol of drage kin?

For sa fier ik wit, net.

Biheart der dan it gefal ta fen ien, dy't de Hollânske tael net sprekke kin of sprekke wol?

For sa fier ik wit, likemin.

Scoe de kommissaris lykwols in lid bûten de Steateseale keare wolle, omdat er gjin wyt befke of hege hoed droech dan scoe er him skuldich meitsje oan foroaring fen 'e wet, en misgean oan it *rjucht* fen it folk en syn ðôffirdige.

En itselde, as er in lid, dat gjin oare tael spriek as Frysk, hinderje scoe yn 'e frije útoefening fen syn *rjucht* en *plicht*.

Ja, al scoed er oars neat dwaen as it Frysk sprekken meitsje ta eat, dêr't min, ho moai min it op in oar plak ek fynt, yn 'e Steateseale dochs de noas for oplûkt, dan scoed er dêrmei al in

twang- útoefenje op it folk, dy't miskien net tsjin 'e lânswet, mar for fêst wol tsjin it folksrjucht yngyng, hwent it folk scoe op sa'n menear twongen wirde om mannen, dy't oars net as Frysk sprekke kinne of wolle, bûten kar to stellen.

Winsket de kommissaris yn 'e Steateseale *ien* tael as sprektael en dat dy tael it Hollânsk wêze scil, it is syn *rjucht*, mar dit is dan net mear as in *rjucht om to winskjen*.

Winskje alle Steateleden itselde, trochdat it tafallich allegearre ledien binne, dy't Hollânsk sprekke kinne en yn 'e Steateseale ek neaat oars as Hollânsk sprekke wolle, dan is dat in tafallige ienriedigens.

Mar de Steateleden hawwe dêrmei likemin as de kommissaris, *rjucht om* it swijen op to lizzen oan in lid, dat oars net as Frysk sprekke kin of wol.

Sadwaende scoe de tafallige ienriedigens fen winsken makke *wirde ta in macht*, dy't gjin groun hat yn 'e wet.

It scoe wêze Hollânsk imperialisme, it stribjen, dat it Hollânske folk oansjucht as it oerhearskjende folk, dat syn *macht* en dêrmei ek syn tael nou ienkear oan Friezen, Grinzers en oaren doplein hat, as in jok dêr't se hjarren al mear en mear ûnder deljaen moatte.

Imperialisme, al scoe it dan wêze imperialisme yn it lyts.

It is de siiktme, dêr't inkelde Hollanners, sa slim faek noch net ienris as in hopen Friezen yn ús tiden mei oanhelle binne.

Och, och, dy imperialisten yn ús lantsje, ho slim kinne se nou en dan de koarts hawwe.

Der spoeket hjarren in „imperium,” in machtsgebiet for 'e eagen, in ryk fen de Dollart ta de Skelde, hui, hui hwet, gean dochs út 'e baen!

Dat ryk, wolle se hawwe, kin net oars bistjûrd wirde, as út Hollân wei, en mei de Hollânske tael as bistjûrstael.

Sûnder it Hollânsk hat dat ryk, dat imperium gjin libben, gjin ienheid, gjin feste groun.

It is Hollânsk imperialisme, dat se der op neihâlder, en dan Hollânsk fen „Hollân op syn smelst” lyk as it sprekwird seit.

Hwent wier it nou mar Ingelsk imperialisme, of imperialisme, lyk as min der yn Eastenryk en Hongarije op neihâldt, dan joech it noch gâns hwet vrijheden en *rjuchten* oan oare talen.

It Ingelske imperium, — brrr, dy Ingelsken!

Mar ta dat imperium bihearre ek Hollanners, de romrofste Hollanners yn Afrika!

Net safolle, it is wier, as forhâldingswize Friezen yn it „Hollânske Imperium.” Mar alhowol se yn it greate Ingelske Imperium bynei to siik reitsje, hwet hat dat hantsjefol Hollanners noch in vrijheid en rjucht for syn tael. Nou, dat komt hjarren ek ta, sizze de Hollanners, en wy Friezen sizze it de Hollanners nei. En as Jopie Fourie syn herte dan bleat leit for Ingelske kûgels — o, dat hert sa rûm en sa oerrinnende fol ljeafde for syn folk en tael — en wy lêze derfen, dan komt der inkeld fen it lêzen in trien yn it each fen in Hollanner, en yn it each fen in Fries... wol twa.

Ja, ja, it Hollânsk, dy boeretael fen 'e Afrikaenders, dy „boor language” sizze de Ingelsken, dat is safolle as barge-tael, wirdt noch wol yn eare hâlden, wirdt as „offisieel” erkend!

Bigryp ris oan, Hollanners, ho is 't mûglik?

Twa offisieele talen, it Hollânsk en it Ingelsk yn it iene greate Ingelske imperium!

Of giet soks it Hollânske en forhollânske-Frysk forstân to boppe?

It liket sa wol, hwent it imperialisme fen ús Fryske en Hollânske „Hollanners” is Dûtsk yn syn wêzen. Likemin as it Dûtske ryk Frânsk oan 'e Elsassers en Lottingers, Poalsk oan 'e Poalen, Deensk oan 'e Denen, en Frysk oan 'e Noard-Friezen taliet op offisieel gebiet, litte de imperialisten yn ús lytse lantsje Frysk ta op it offisieele hiem. Och, wy hâlde fen gjin imperialisme, fen it Ingelske likemin as fen it Hollânske, mar as der dan dochs imperialisme wêze moat, mocht it dan breed-Ingelsk wêze en net smel-Hollânsk.

En as ús miniatuer-imperialisme him nou mar hwet ynboun en bleau op syn eigen hiem en tofreden wier mei it Hollânsk as bistjûrstaal, mar it hellet oars noch sa folle nei him ta.

It hellet de skoalle nei him ta.

Yn pleats fen de skoalle oanslute to litten by it *hûslik libben* en it *folkslibben*, lit min hjar tsjinje as in *machtsmiddel* for de *bistjûrders* fen it imperium. It Hollânsk is op alle skoallen learmiddel. Hwêrom? Net omdat it yn alle hûsgesinnen learmiddel is. Net omdat it yn ús hiele folkslibben omgongstaal is. Mar omdat

de mannen fen it „officium,” fen it biwâld, neidet se for hjarren sels it Hollânsk oannommen hawwe, sizze: „Nou scille wy ek oan hwa't ûnder ús steane, leare, Hollânsk mei ús to praten.” It is de heechheid fen de bistjûrsman, dy't wegeret mei it folk yn 'e folksstaal to praten, en it folk twingt mei him yn 'e bistjûrstaal to praten. Dêrta moat de skoalle tsjinje!

En Fryske âlden moatte hjar bern fen it fyfte en sechste jier ôf tabitrouwe oan in skoalle, der't in tael spritsen wirdt dy't for dy lytsen earst in pûrfjemde tael is; in skoalle, dêr't it allinne fen 'e ûnderwizers en ûnderwizeressen ôfginget eft se hjarren ek noch hwet delbügje kinne en wolle ta dy lytse stimpers, dy't fen heit en mem oars neat as Frysk learden.

Mar sa komt it, as de mannen fen it „officium” de skoalle brûke ta in help fen it „officium” en net ta in help fen it libben yn *hûsgesin* en *maetskippij*.

Sa komt it as de skoalle ta „offisieel” gebiet forklearre wirdt.

Mar Christlik-Histoarysk en Anti-revolutionair is soks net, hwent dan scoe it wêze moatte:

„De skoalle oan de âlden!”

Is it n't wier, Christlik-Histoaryske en Anti-revolutionaire liedsmannen yn Fryslân?

Dat is *jimme*, dat is *ús* politike bilidenisse:

„De skoalle oan de âlden!”

Mar as de âlden it dan to sizzen hawwe moatte op skoalle, dan krijt fêst ek wol de tael fen de âlden hwet to sizzen!?

O, dy smel-imperialisten yn ús om syn vrijheidssin sa romrofste lân, se hawwe net allinne de skoalle, mar ek de *tsjerke* yn hjar offisieele heechheid bihelle. „*De tsjerke stiet op offisieel gebiet*” wirdt der sein. En ek folle dominys, miskien wol de measten, sizze soks. Dominys, Evangeljeprekers dy't sitten geane op 'e hege troane fen it „offisieel” en, ynpleats fen ta it ienfâldige folk ôf to dalen, tsjin dat folk sizze: „Folk, kom omheech ta my!”

Skieppinhoeders, dy't yn pleats fen der op út to gean om it forlerne skiep to siikjen, bliuwe dêr't se binne, om oars neat to dwaen as mar hwet tsjin it skiep to roppen yn 'e wide rûmte en yn frjemde klanken.

De tsjerke „offisieel” gebiet, bigryp ris oan! En dêrom ta 'n

plicht hawwend yn 'e „offisieele” tael, dat is yn 'e *bistjûrstael* fen in *ierdsk* ryk it Evangelje to bringen.

Dizze útfining waerd fen sa hege bitsjutting achte, dat in konferinsje fen Grifformearde dominys to Snits der alle oandacht oan joech. It roppen om de Fryske preek bigoun ek sa lûd to warden, en sa folle wearklank by it folk to finen! Us dominys mochten ris forlegen reitsje.

Dêrom dy kostlikste fen alle útfiningen: Gjin Fryske preek yn 'e Tsjerke, hwent de Tsjerke is „offisieel” gebiet, der heart de „offisieele” tael: it Hollânsk.

Ho nou? It himelryk ûnder de macht fen in ierdsk ryk?

It himelryk! Hwent, ja, dat is de tsjerke ommers, neffens ús eigen bilidenisse.

De tsjerke it himelryk op ierde en ûnder gjin oar *bistjûr* steande as fen ús himelkening Christus.

De tsjerke it ryk fen kening Christus, en derom frij fen de Steat.

Dat hawwe de Roomskien forstien. En dêrom: de Paus net ûnder de Keizer.

Dat hawwe ús Griffomearde foarâlden út 'e 16e en 17e ieuw forstien. En derom: de dominys net ûnder de reginten.

Dat hawwe de mannen fen de Ofskieding yn 1834 en de Doleansje yn 1886 forstien. En dêrom: de tsjerke net ûnder in synoade, dy't steatscreatuer is, misbaksel fen de „offisieele” albidil.

Ja, dat forsteane sels de Herfoarmden wol, dy't noch jimmer oan woarstelje om ek de lêste bân trochsnien to krijen, dy't hjarren bynt oan 'e Steat.

En nou scoe de tsjerke, de frijste fen alle frije ynstellings hir op ierde, hjar yn hjar Evangeljeprediking dochs hâlde moatte oan de tael, dy't troch de *bistjûrders* fen in ierdsk ryk ta „offisieele” tael forklearre is?

Dat scoe de plicht fen de tsjerke en de tsjerkerieden wêze?

En Christus, ús himelske tsjerkekening, scoe net lije wolle, dat min syn folk oars taspriek as yn 'e „offisieele” ryksamptelike tael?

En de Evangeljeprekers, dy't nei frjemde lannen reizgje, scoenen earst oan 'e lâns**bistjûrders** freegje moatte yn hokker tael hja it folk tasprekke meije, en net ta it folk sels gean meije om de folkstaal to learen en it folk ta to sprekkien yn 'e tael fen it folk?

En de komst fen it himelryk yn Fryslân scoe allinne yn Hollânske klanken bipreke wirde meije, en de Fryske folkstaal scoe net tsjinje meije om it himelryk noch djipper yn 'e Fryske folksiele komme to litten en noch yngeander to sprekkien nei it hert fen it Fryske Jeruzalim?

Kom, ûnwizen, wêz wizer.

Kom, blinen, doch de eagen op.

Kom, sliepers, wird wekker.

De tsjerke stiet ûnder gjin oar jok, as it sêfste jok fen Christus, en Christus Evangelje komt ek ta de djipst sonken heiden yn 'e sêfste klanken fen syn memmetael.

De tsjerke stiet ûnder *gjin* oare *taelwet*, as de *taelwet* fen Christus, en Christus *taelwet* is it forkündigjen fen Gods greate wirken oan elts yn syn eigen tael. (Hânl. II.)

Mei steat en skoalle en tsjerke net tofreden, nimme ús lytse imperialisten yn 'e lêste tiden ek al de *jongfeinte-foriening* yn bislach. Tige bazich seit min:

„De jongfeinte-foriening stiet op „offisieel” gebiet: it Hollânsk moat dêr it regear hawwe.”

It jongfeinteblied fen 'e Griffomearden hie it der oer.

Op jongfeinte-gearkomsten waerd deroer debattearre.

Jonge ûnderwizers foaral kamen op for de Hollânske tael op Fryske jongfeinte-forienings. „Offisieel, offisieel” dat wier wer it wachtwird. Selst fiele se hjarren mear *steatsampteners* as *helpers fen de âlden*, en ús nije ûnderwiiswetten hawwe der, spitsch genôch, hird ta meiwirke. De ûnderwizer, it „offisieele” ynstremint om it bernelibben los to weakjen fen it hûsgesin, docht itselde mei it jongfeintelibben! De ûnderwizer, greatsk op syn offisieel Hollânsk, wol de Fryske jongfeinten op de Fryske jongfeinte-foriening ek oan it Hollânsk praten hawwe. Hy makket hjarren wiis, dat se hjarren oars net goed rôdde kinne yn 'e wrâld — dy greate Hollânske wrâld fen 'e Dollart ta de Skelde — en dat se oars net for fol oansjoen wirde kinne. En dêrom wikselje Bouke en Rinse en Eabele en Tjritte en Goaitsen, dy feinten fol libben en geast, dy't it oars yn hjar eigen tael sa moai sizze kinne, ienris yn 'e wike hwet Hollânske worden meiinoar, breklik en deadsk, sùnder gloede en glâns.

Och, dy Fryske jongfeinte-forienings, de ûnnatuer hearsket der. En it is in wûnder det de iene jongfeint de oare net útlaket. It scoe om to laeitsjen wêze, as it net om to skriemen wier. De jongfeinte-foriening „offisieel.”

O tiden, o seden; de foriening fen frije jongfeinten, dy't as se bannen to fielen hat, allerearst de bân fiele moat, dy't hjar bynt oan it âlderlik hûs, ek al oanstitsen mei it gefoel fen „offisieel” wêze to moatten.

Och, moat it „offisieele” ús dan oeral efternei sitte? Op 'e skoallebanken, al fen ús sechste jier óf. Mar ek yn it forieningslokaal, dêr't wy as frije jongfeinten fleurich en tierich byinoar kamen?

Ja, „offisieel” Hollânsk! Foaral gjin Frysk! Bügje for it „offisieele”, for hwet fen de amptnerij útgiet! Dat moatte wy leare.

Op skoalle as wy ûnder 'e plak sitte fen de *steatsamptner-underwizer*. Mar ek op 'e foriening, dêr't wy net „*stjûrd*” binne, lyk as op skoalle, mar *kamen* troch ús *frij* oan to slûten.

In Hollânske resitear- en debatingclub, lyk as der yn Fryslân as poddestoelen út 'e groun rize, úntbrekt der noch mar oan om de opfieding fen ús Fryske, mar offisieel-Hollânske jongfeinten alhiel op 'e hichte to bringen.

En it nuvere grienmank fen frjemde worden, dêr't de namme fen dat soarte forieningen út bistiet — Frânsk en Ingelsk (resitear-debating en club) — lit kleardernôch de frjemdsin útkomme, dêr'tolle fen ús fryske jongfeinten mei oanhelle binne.

Mar ek *de wittenskip* wirdt oan it wirk set for it „offisieele”. Us Hollânske imperialisten, sa wearzich fen it Frysk, hawwe for it Hollânsk alles oer. Mei wûndere myldens en goederjowskens wirdt de wittenskip fen 'e Hollânske tael biscoardere.

Op alle hegeskoallen yn ús lân krijoelt it fen prefesters yn it Hollânsk.

For it Frysk wier der allinne in privaet-dosint oan 'e Hegeescoalle to Utert wirksum, Dr. Buitenrust Hettema.

Min hat op ús hegeskoallen prefesters for it Middelnederlânsk, for it Angelsassysk, for it *Ald* — (tink der om) for it *Aldnoarsk* — mar for 't Aldfrysk net, en for it Nijfrysk noch folle minder.

Op in fekansje-reis mette ik ris in prefester yn it Ald-Noarsk to Amsterdam. Hwet de stuedzje fen it Ald-Noarsk to

bitsjutten hie for de taelwittenskip wier him klear as de dei, mar dat in wittenskiplik ûndersiikjen, forgelykjen en ûnderwizen fen it Frysk, as ien fen de âldste en noch libbene Germaenske talen, ek tige nedich wier, koed er net foar it forstân krije.

De Hollânske wittenskip lit de stuedzje fen it Ald-Frysk bynei alhiel oer oan 'e Dûtske tael-ûndersikers, en dy fen it Nij-Frysk oan 'e Ingelske.

Howol Fryslân ien fen Nederlân's alve provinsjes is, en histoarysk net ien fen de minst bitsjuttende, omdat it in oerbliuwsel is fen it âlde Frysk keninkryk, dat twaris sa lang bistien hat, as de Republyk yn 'e Stedhâlderstiid en saunris sa lang as it Keninkryk yn ús tiid, hat it gjin tûzendste part fen 'e oandacht en iver, dêr't ús biwittenskippe mannen tael en skiednis fen lân en folk mei ûndersiikje.

Is it ek om gjin nationale ynstinkten wekker to meitsjen, dat de hearen fen de wittenskip dit wirk oan 'e takomst oerlitte?

In goede skiednisbiskriuwing fen Fryslân bistiet net, in goed Wirdboek fen de Fryske tael likemin.

It Frysk Wirdboek fen Waling Dykstra is net bredernôch opset. Der is fierstomin stuedzje oan wijd. Yn it lêstoan is it to hastich ôfmakke. De Fryske Steaten holpen, mar net genôch om de kosten to hoedzjen fen in breder opset ûndersiik.

It „offisieele” Nederlân diich for it Frysk Wirdboek neat. It „offisieele” Nederlân liket oars neat as Hollânsk to kennen en soarge allinne for it great Nederlânsk Wirdboek, dat sa breed opset is, as miskien gjin ien Wirdboek op 'e gânske wrâld, sadat minder nou al 60 jier mei dwaende is en noch wol 60 jier dwaende bliuwe kin. Hwet der fen yn it ljocht kaem, is allinne wol tsienris sa folle as de ynhâld fen it ganske Frysk Wirdboek.

Yn it Nederlânsk Wirdboek fynt min nêst ider wird it bisibbe Angelsassyske, Goatyske, Ald-frankyske, Latynske, Grykske of Sanskrityske wird. Ek wolris it Fryske, mar net fêst en net by idere meiwirker, en faek *net*, as min it *al* forwachte hie.

Min wit dan ek o sa'n bytsje fen it Frysk.

De greate Nederlânske taelgelearde Dr. van Ginneken S. J. hat okkerjiers in boek oer de Nederlânske tael útjown, breed fen opset. Hy rekkent it Frysk ek ta de Nederlânske tael en nimt it Frysk taelgebiet tige rûm: Noard-Hollân mei Amsterdam rek-

kent hy der ek ta. Binypt yn syn opfettingen is er net. Mar as er nou in priuwke fen Fryske letterkinde jaen scil, komt er mei in laf en earmoedich stik, en docht it blikken, dat er fen 'e Fryske taeltrykdom en taelstriid net folle ôfwit.

Us Hollânske imperialisten hawwe ek hjar *propaganda*.

De dei- en wykblêdden, allegearre yn it Hollânsk skreaun, nimme fen de Fryske taelstriid net folle notysje. De liberale blêdden, dy't hjarren der noch it measte mei ynlitte, binne yn dit stik fen saken liberaler as de Christlike. De echte liberaliteit hjit oars yn it Christlik bigjinsel to sitten en scil der dan ek wol wer útkomme.

Der is ek in Boun for de Nederlânske tael, mei ôfdielings yn Belzenlân, Noard Amerika, Sûd Amerika, Afrika en Indië.

Dat Boun achtet it sifer fen 3 miljoen Flamingen net to lyts om de Flaemske striid fol to hâlden tsjinoer de tael en de kultuer fen 53 miljoen Waelsken en Frânsken.

Howol der for de tael fen de inkeld 10 tûzenen Hollanners yn it ryk fen 'e „*Almighty Dollar*“ dochs gjin takomst is, it Boun hâldt se byinoar. En al hat de tael, dy't inkeld âld-Hollânske femyljes to Nij-York sprekke net folle mear fen Hollânsk, hja moasten in ôfdieling foarmje,

De Hollanners yn Sûd-Amerika, dy't noch folle minder kâns op taelbihâld hawwe, foarmje in ôfdieling.

De striid for it rjucht fen de Hollânske tael yn Afrika, neist it Ingelsk wirdt mei krêft oanmoedige, howol it de striid is fen in dwerch tsjin in reus.

Dat sa'n striid skeadlik is for de ienheid fen it Ingelske imperium wirdt *gjin* biswier achte, al wirdt sa'n biswier *wol* ynbrocht tsjin it Fryske, sadr'it syn rjucht en eare freget yn it Hollânsk imperium. Mar it Ingelsk is ek it Hollânsk net, en it Fryske likemin.

It Fryske waerd faek tige leech set: it wier neat as in dialekt fen it Nederlânsk. Mar for it Afrikaensk, dat yn wierheid neat as in dialect fen it Hollânsk of earder noch in soarte healsliten Hollânsk is, jaget men de Afrikaenders yn in ivige striid tsjin de Ingelsken.

De Fryske bibel, de Fryske psalm, de Fryske preek, it Fryske gebed, min skrillet der fen tobek, hwent, sa freget min, stiet it

Frysk der hegernôch for; wirdt sadwaende it hillige net skeind?

Mar nou't it Afrikaensk, it boere-Hollânsk forklearre is ta tsjerke- en Synoade-tael en brûkt wirdt ta de bibeloersetting, nou juchet de smel-Hollânske imperialist.

Greatsk op hjar moaije Hollânske tael — en mei rjucht — binne ús Hollânske imperialisten, mar *great* binne se net. Hja binne noch sa lyts.

Gjinien fen hjarren skynt hegernôch to stean om to sjen, dat it Fryske fen Gysbert Japicks en Wybinga's psalmen yn al syn moaijens en klearens, as in jefte fen God, nei Skeppersrjucht *fensels* rjucht hat yn Fryslân's *tsjerken*.

En gjinien fen hjarren skynt djippernôch to fielen om fiele to kinnen, dat in tael as fen Rinke Tolman, dy't it *ynlikste* fen it herte wit to uterjen en it tearste fen 'e siele wit iepen to lizzen, oeral tagongsrjucht hat, lit stean fen yn 'e Steateseale.

Och né, it lyts Imperialisme fen somlike Hollanners en forhollânske Friezen hat noait net folle goeds foun yn it Fryske.

En ho't it komt, dat in tael sa forhûnd en fortutearze, nou dochs wer sa kreftich oplibbet, is net to forklearjen, howol it histoarysk ûndersiik fen Dr. Wumkes deroer al vrij hwet Ijocht opgean littten hat.

Hwet it wirde scil mei dat nije libben, fâlt likemin to sizzen, mar dat it in hirde striid hawwe scil tsjin it lyts-imperialisme fen ûnfryske Friezen en oerhollânske Hollanners stiet wol fêst.

En as it mei it Fryske op in dûr hwat wirde scil, den moat it ta syn rjucht brocht werde op it gebiet fen skoalle, tsjerke en steat.

Scoe yn dizze striid for ús ek hwet to hoopjen wêze fen 'e Frije Universiteit, de iennige yn ús lân, dy't frij is fen it „offisieele“, frij fen tsjerke en steat?

Min scoe tinke fen al.

Hwent de Christlik-fryske taelbiweging fen nou hat syn bigjinsel yn 'e Frije Universiteit. Ho koe it ek oars?

Gjin echt-wittenskiplike Universiteit, en dêrby in *Universiteit steande op 'e bilidenisse fen God, as Skepper fen alle dingen*, kin in stik folks- en taellibben, lyk as it Fryske, kåld en ûnfor-skillich foarby gean en ûnforstien en rjuchtleas omkomme en ta'n slagtoffer werde litte fen in imperialistysk stribjen, dat nearne

ta tsjinnet, as om, sûnderdat der for it libben fen de Hollânske
tael gefaer bistiet, it Frysk to formoardzjen.

Stapt min it Provinsjehûs to Ljouwert binnen, dan komt min
yn it moaije foarhûs, de greate hal.

Dêr pronkje de mûrren mei snedige sprekwirden yn 'e Fryske
sprake.

Mar fierder as yn dat foarhûs skynt it Frysk net komme to
meijen.

Oan de frije Fryske sin fen ús Steateleden scil it stean, for
de âlde keningsdochter plak yn to rûmjen ek yn 'e Steate-seale.

En oan ús allegearre om it Frysk to bringen yn Skoalle en
Tsjerke.

S. HUISMANS.